LEEUWARDER COURANT
19 april 2013, pag. 6

dwers

pieterdegroot



FlaterFrysk

Twitterjen is as praten: it formulearjen komt net sa krekt. It lei dus yn 'e reden dat de Afûk de aksje 'Praat mar Frysk' ferbrede hat ta 'Twitterje mar Frysk'. Net benaud wêze om flaterkes te meitsjen, seit projektlieder Mirjam Vellinga, dy't juster elkenien oprôp om oan it twitterjen te slaan. Nee, flaters meitsje jo ommers ek yn de sprektaal, en dêr bekroadet de trochsnee Fries him ek net om, harkje mar nei ús Omrop. Wa't dêr argewaasje fan hat, is in grynder.

Mei brieven is dat wat oars. Dêr moatte jo jo bêst op dwaan; as jo dêr in flater yn meitsje, dan falt dat op. Mar wa skriuwt noch moaie brieven langer? Sels de nije generaasje skriuwers hat dêr it geduld net foar. Se stjoere in 'meeltsje', dat ek net sûnder wryt of slyt hoecht te wêzen. In skriuwflater mear of minder mei hinne bruie en mei ien klik is it berjocht wer fuort. Bonkjes falle op in skermke ek minder op as op papier.

Twitterje is as prate: kwaliteit moat it belije

It digitale Frysk mei dus mei al syn lek en brek bloeie, it klassyk skreaune Frysk yn boeken en blêden moat salang't der noch boeken en blêden op papier ferskine, geef wêze. As in skriuwer flaters sitte lit, heart in korrektor dy der út te heljen. Mar korrektoaren dy't it Frysk yn 'e macht ha, wurde ek seldsumer sa't it liket, ek by de Afûk. Yn de nije Swingel, orgaan fan de Ried fan de Fryske Beweging, kapittelet Ed Knotter de Afûk oer it boek 'Kofje ferkeard' fan Margryt Poortstra. Dat stiet stiiffol taal- en typflaters. „It boek telt suver mear ynterferinsjes as bledsiden", skriuwt Knotter.

Hy hat argewaasje fan ferhollânske Frysk of konstruksjes dy't dwers tsjin de regels fan it Frysk yn geane, lykas 'dêr't er net tsjin kin', 'langjen bliuwe', ' it ljocht bliuwt baarnen' of 'it oerkaam my'. En it griist him oan om te lêzen: 'stiet ôf te waskjen' yn stee fan 'te ôfwaskjen', 'nei binnen' (moat wêze: 'der yn') en 'yn bêd', dat 'op bêd' wêze moat.

De fraach is wa't de striid op 'en doer winne sil, it selskip klassike lesjouwers as Knotter dat dêroer stroffelet of it oanwinnend tal lesjouwers en skriuwers fan de twittergeneraasje dat him der net oan steurt, ja, net (mear) wit hoe't it eins moat. De fraach stelle is... Krekt. Twitterje is as prate: de kwaliteit moat it belije.

> pieterjan.de.groot@planet.nl